

Straatsboarch, 20 juny 2013

Beheinde fersprieding
ACFC/OP/II(2013)003

**RIEJAAND KOMITEE FOAR IT KADERFERDRACH OANGEANDE IT
BESKERMJEN FAN NASJONALE MINDERHEDEN**

**Twadde advys oer Nederlân,
goedkard op 20 juny 2013**

GEARFETTING

Nederlân jout noch altyd in soad omtinken oan it beskermjen fan de rjochten fan de Fryske minderheid en biedt gâns stipe oan de aktiviteiten fan de Fryske mienskip. Yn de ôfrûne jierren is it ûnderwiis yn de Fryske taal signifikant ferbettere, mar it tekoart oan befoege learkrêften Frysk bliuwt foar de Fryske minderheid nuodlik.

De nije wet oangeande it brûken fan de Fryske taal, dy't it Frysk ta de twadde nasjonale taal fan Nederlân ferklearret, jout in wichtige ympuls oan it brûken fan it Frysk yn rjocht- en bestjoerssaken. By de fertsjintwurdigers fan de Fryske minderheid bestean lykwols betinkingen oangeande de takomstige bestjoerlike foarm, dy't de posysje fan de Fryske taal, kultuer en identiteit swakker meitsje as fúzjes fan de noardlike gemeenten en provinsjes har beslach krije.

De oprjochting fan it Nederlânsk Ynstitút foar de Minskerjochten en de ûntwikkeling fan in lokaal systeem yn alle gemeenten foar monitoaring en melding fan diskriminaasje, en ek nije maatregels dy't rjochte binne op de oanpak fan it probleem fan yntolerânsje op ynternet, wjerspegelje de wil fan de Nederlânske autoriteiten om alle foarmen fan diskriminaasje mei klam te bestriden.

Alhewol't Nederlân in lange tradysje hat fan tolerânsje en iepenheid foar oare kultueren, wurdt noch altyd melding makke fan uteringen fan rasisme en yntolerânsje, ek yn it politike debat. De ûnderskate groepen yn de mienskip lykje faak yn in parallel bestean neist elkoar te libjen, sûnder dat se ynteraksje fan betsjutting mei-inoar hawwe. Der moat besocht wurde om in geast fan tolerânsje en ynterkulturele dialoach yn de maatskippij te stimulearjen en om diskriminaasje en stigmatisearing fan groepen foar te kommen, ûnder mear troch it befoarderjen fan de edukaasje yn minskerjochten.

Wylst de formele oanpak fan de wurkingsfear fan it Kaderferdrach hanthavene wurdt, binne konkrete maatregels nommen om in grut ferskaat oan groepen te stypjen. Om in brede sosjale yntegraasje te berikken is in duorsume en ynstitúsjonalisearre dialooch troch partisipaasjemeganismen nedich mei fertsjintwurdigers fan etnyske minderheden.

YNHÂLDSOPJEFTE

I. WICHTICHSTE BEFININGS	5
Monitoaring-proses	5
Algemien en ynstitúsjoneel regeljouwingskader	5
Bestriding fan diskriminaasje	6
Bestriding fan yntolerânsje	6
Stypjen fan de Fryske taal en kultuer	6
Media yn de Fryske taal	7
Ûnderwiis yn it Frysk	7
Partisipaaasje fan de Fryske minderheid yn it iepenbier bestjoer	7
II. BEFININGS KÊST FOAR KÊST	8
Kêst 3 fan it Kaderferdrach	8
Tapassingsberik	8
Sammeljen fan gegevens	9
Kêst 4 fan it Kaderferdrach	10
Wetlik en ynstitúsjoneel kader foar it bestriden fan diskriminaasje	10
Kêst 5 fan it Kaderferdrach	11
Stypjen fan de Fryske taal en kultuer	11
Kêst 6 van het Kaderferdrach	12
Bestriding fan yntolerânsje en etnyske diskriminaasje	12
Roma en Sinti	15
Kêst 9 fan it Kaderferdrach	17
Stjoertiid yn it Frysk	17
Printe media yn it Frysk	19
Kêst 10 fan it Kaderferdrach	19
Brûken fan de Fryske taal yn it kontakt mei bestjoersorganen	19
Kêst 11 fan it Kaderferdrach	21
Topografyske oantsjuttingen yn minderheidstalen	21
Kêst 12 fan it Kaderferdrach	21
Oplieding fan learkrêften	21
Kêst 14 fan it Kaderferdrach	22
Frysk yn it ûnderwiis	22
Kêst 15 fan it Kaderferdrach	24
Ynstellings en oerlisstruktueren	24
Bestjoerlike weryndieling	24
Kêst 16 fan it Kaderferdrach	25
Territoriale yndielings	25
Kêst 17 en 18 fan it Kaderferdrach	26
Gearwurking oer de grins	26
III. SLOTOPMERKINGS	27
Positive ûntjouwings	27

RIEJAAND KOMITEE FOAR IT KADERFERDRACH OANGEANDE IT BESKERMJEN FAN NASJONALE MINDERHEDEN

TWADDE ADVYS OER NEDERLÂN

1. It Riejaand Komitee hat it hjoeddeistich Advys goedkard op 20 juny 2013 neffens Kêst 26 lid 1 fan it Kaderferdrach en Regel 23 fan Resolúsje (97) 10 fan it Komitee fan Ministers. De befinings binne basearre op ynformaasje yn it lannerapport dat ûntfongen waard op 19 septimber 2012 en de oanfoljende punten dy't troch de Nederlânske autoriteiten ferstjoerd waarden op 24 april 2013, en ek op skriftlike boarnen en ynformaasje dy't it Riejaand Komitee by de besite oan Nederlân fan 19 oant 21 maart 2013 ûntfong fan oerheids- en net-oerheidskontakten.
2. Haadstik I hjirûnder befettet de wichtichste befinings fan it Riejaand Komitee oangeande wichtige kwestjes dy't it útfieren fan it Kaderferdrach yn Nederlân oanbelange. Dy befinings wjerspegelje de detaillearre befinings foar elk kêst yn Haadstik II, dat de bepalings fan it Kaderferdrach befettet dêr't it Riejaand Komitee wêzentlike fragen by stelt.
3. Beide haadstikken ferwize wiidweidich nei de follow-up fan de befinings fan de earste monitoaring-syklus fan it Kaderferdrach yn it earste Advys oer Nederlân fan it Riejaand Komitee, goedkard op 26 juny 2009, en yn de oanbelangjende resolúsje fan it Komitee fan Ministers dy't oannaam waard op 12 jannewaris 2011.
4. De slotopmerkings dy't yn Haadstik III stean, kinne as basis tsjinje foar de kommende konklúzjes en oanbefellings fan it Komitee fan Ministers oer Nederlân.
5. It Riejaand Komitee hopet de dialooch mei de Nederlânske autoriteiten fuort te setten, lykas ek mei fertsjintwurdigers fan nasjonale minderheden en oaren dy't behelle binne yn de ymplemtaasje fan it Kaderferdrach. Om in allesomfetsjend en transparant proses te stimulearjen, moediget it Riejaand Komitee de autoriteiten sterk oan om it hjoeddeistich Advys nei ûntfangst bekend te meitsjen.
6. Boppedat wol it Riejaand Komitee graach de oandacht fan de Lidsteaten dy't partij binne, festigje op it feit dat it Komitee fan Ministers op 16 april 2009 nije regels fêststeld hat foar de publikaasje fan it Advys en oare monitoaring-dokuminten, soks mei it each op in bettere transparânsje en it yn in ier stadium dielen fan de ynformaasje oangeande de befinings en konklúzjes fan de monitoaring mei alle oanbelangjende partijen (sjoch Resolúsje CM/Res (2009)3 ta wiziging fan Resolúsje (97) 10 oer de monitoaring-regelingen op grûn fan Kêst 24 oant 26 fan it Kaderferdrach foar de beskerming fan Nasjonale minderheden).

I WICHTICHSTE BEFININGS

Monitoaring-proseses

7. De autoriteiten hawwe oer it algemien in konstruktive oanpak fan it monitoaring-proses fan it Kaderferdrach oanholden. It earste Advys fan it Riejaand Komitee, goedkard yn juny 2009, waard tagelyk publisearre mei de opmerkings fan de oerheid en de Resolúsje fan it Komitee fan Ministers yn febrewaris 2010. It muoit it Riejaand Komitee lykwols dat syn earste Advys en de byhearrende resolúsje fan it Komitee fan Ministers net yn it Nederlânsk of it Frysk oerset binne. It is ek spitich dat de Nederlânske oerheid by it opstellen fan it twadde lannerapport net rjochtstreeks fertsjintwurdigers belutsen hat fan de Fryske minderheid, maatskiplike organisaasjes of oare groepen dy't behelle binne yn it tapassen fan it Kaderferdrach yn Nederlân. It Riejaand Komitee merkt ek op dat it twadde lannerapport mei in fertraging fan mear as in jier yntsjinne waard.

8. It Riejaand Komitee is lykwols goed te sprekken oer de reewilligens dy't troch de oerheid ferwurde is yn de oanfoljende ynformaasje by it lannerapport fan april 2013 om by de kommende tarieding fan it tredde lannerapport alle partijen wiidweidich te rieplachtsjen, ynklusyf de minderheidsorganisaasjes, en om it twadde Advys nei ûntfangst oerset te litten. It Riejaand Komitee fertrout derop dat de autoriteiten dit Advys yn it Nederlânsk en it Frysk ferspriede sille om mear transparânsje fan de monitoaring-proseduere te garandearjen.

9. It Riejaand Komitee hat fan 19 oant 21 maart 2013 in besite oan Nederlân brocht. De besite, dy't organisearre waard op útnoeging fan de Nederlânske oerheid, bea in goede gelegenheid foar in direkte dialooch mei de oanbelangjende partijen. Bliken die dat de oanfoljende ynformaasje fan de oerheid en út oare boarnen, ynklusyf fertsjintwurdigers fan nasjonale minderheden, tige weardefol wie. De gearkomsten dy't troch de autoriteiten organisearre waarden, lieten sjen dat it regear in pro-aktive en positive hâlding oannimt wat it Kaderferdrach oangiet. De byienkomsten wiene yn De Haach, Ljouwert en Utert.

Algemien en ynstitúsjoneel regeljouwingskader

10. Sûnt de earste monitoaring-sykus hat Nederlân in konsistint belied fierd, dêr't stipe by bean waard oan persoanen dy't hearre ta de Fryske minderheid en wêrby't op ûnderskate mêden gâns foarútgong boekt is, benammen oangeande ûnderwiis yn minderheidstalen.

11. Op 4 juny 2013 waard in nije wet oangeande it brûken fan de Fryske taal (de Taalwet) goedkard troch it Nederlânske Parlemint (Twadde Keamer). De Wet sil nei ferwachting it brûken fan it Frysk yn rjocht- en bestjoerssaken fersterkje. Yn 2013 waard in nije Bestjoersôfspraak oangeande de Fryske Taal en Kultuer oangien troch it Ryk en de provinsje Fryslân.

12. Dêrneist is it oerlis mei de Frysk minderheid trochset fia it Konsultatyf Orgaan Frysk (KOF) en binne der geregeld kontakten tusken de fertsjintwurdigers fan de Fryske minderheid en de autoriteiten fan de provinsje Fryslân om in gearhingjend belied út te wurkjen oangeande nuodlike punten foar de Fryske minderheid en om de sichtberheid fan de Fryske taal en kultuer yn de Nederlânske mienskip te ferbetterjen.

13. De Nederlânske autoriteiten hanthavenje har oanpak fan de persoanlike wurkingsfear fan it Kaderferdrach dy't allinnich jildt foar de Fryske minderheid yn de provinsje Fryslân.

Bestriding fan diskriminaasje

14. It wetlik en ynstitúsjoneel kader foar de bestriding fan diskriminaasje yn Nederlân wurdt hieltyd better. De oprjochting fan it Nederlânsk Ynstitút foar de Minskerjochten, de aktive rol fan de Ombudsman, de ûntwikkeling fan in lokaal systeem foar monitoaring en melding fan diskriminaasje yn alle gemeenten, en ek de nije maatregels dy't rjochte binne op de oanpak fan it probleem fan yntolerânsje op ynternet, wjerspegelje de wil fan de Nederlânske autoriteiten om alle foarmen fan diskriminaasje mei klam te bestriden.

15. Der wurde lykwols mar inkele gefallen fan diskriminaasje ûnder de oandacht fan de antydiskriminaasje-organen brocht troch persoanen út etnyske minderheden.¹ Dat kin derop wize dat dyjingen dy't it meast oan diskriminaasje bleatsteld wurde, net de nedige ynformaasje hawwe oer of fertrouwen hawwe yn beskikbere rjochtsmiddels om foar har rjochten op te kommen.

Bestriding fan yntolerânsje

16. Nederlân hat in lange tradysje fan tolerânsje en iepenheid foar de kultuer fan oaren oer. Ûnderskate inisjativen dy't rjochte binne op in better begryp fan de negative effekten fan yntolerânsje en diskriminaasje fan persoanen dy't ta in etnyske minderheid hearre en kampanjes dy't de klam lizze op it belang fan ferskaat en boargers stimulearje om alle foarmen fan diskriminaasje te melden, binne útfierd. Der binne lykwols mear ynspannings nedich om it algemiene begryp fan minskerjochten te ferbetterjen, benammen troch edukaasje yn minskerjochten.

17. It ûntbrekken fan in adekwate dialooch tusken de autoriteiten en de persoanen dy't hearre ta de etnyske minderheid, is lykwols tige spitich en foarkomt de útwikseling fan stânpunten oer kwestjes dy't de oanbelangjende groepen oangean. Etnyske minderheidsgroepen jouwe oer it Nederlânske yntegraasjebelied ek in krityske beoardieling, dy't aksintuearret dat maatskiplike yntegraasje sjoen wurdt as de ferantwurdlikheid fan de oanbelangjende persoanen, sûnder de needsaaklike stipe te bieden oan benammen de meast kwetsbere groepen om sa'n yntegraasje te berikken, wat in twarjochtingsproses is dat de hiele mienskip oangiet.

18. Der wurdt noch altyd melding makke fan gefallen fan antysemitisme en uteringen fan rasisme en yntolerânsje. It is te betreurjen dat in tal politisy in antymoslim- en antydiskriminaasjedebat op gong brocht hat. De mearderheid fan de befolking en minderheden lykje faak yn in parallel bestean neist elkoar te libjen, mar sûnder ynteraksje fan betsjutting.

19. Nettsjinsteande ynspannings op lokaal nivo om de yntegraasje fan Roma- en Sintimienskippen te ferbetterjen, wurde persoanen dy't ta dy mienskippen hearre noch altyd op ferskate mêden konfrontearre mei diskriminaasje. Har swierrichheden wurde fersterke mei't der gjin doelbewust nasjonaal Roma-belied is en troch de ôfwêzichheid fan in adekwaat riejaand meganisme om har effektive partisipaasje te stimulearjen by beslútfoarming oer kwestjes dy't har oangean.

Stypjen fan de Fryske taal en kultuer

20. Der binne nije maatregels nommen om it brûken fan it Frysk te boargjen yn kontakten mei oerheid en justysje. De goedkarring troch it Nederlânske parlemint fan de wet oangeande

¹ De term "etnyske minderheden" wurdt hjir op deselde wize brûkt as yn de oanjefende ynformaasje by it lannerapport fan de Nederlânske autoriteiten fan april 2013.

it brûken fan de Fryske taal yn 2013 hat in grutte symboalyske wearde, omdat dy no offisjeel it Frysk erkent as de twadde nasjonale taal fan Nederlân. Dat biedt ek in wetlike basis foar in bestjoersôfspraak tusken sintrale en provinsjale autoriteiten. Dy nije Taalwet sil nei ferwachting in wichtige ympuls jaan oan it brûken fan it Frysk yn kontakten mei sintrale oerheidsynstallings troch it ferbetterjen fan de mooglikheden om Frysk te brûken yn rjochten bestjoerssaken yn hiel Fryslân en elk syn rjocht te garandearjen om de eigen taal (Nederlânsk of Frysk) te brûken yn kommunikaasje mei bestjoersorganen.

21. De posysje fan de Fryske taal yn rjochtbanken en gerjochtshôven bliuwt problematysk as gefolch fan it gebrek oan Fryske tolken en de gearfoeging fan in tal justisjele ynstallings dy't laat hawwe ta it opheffen fan in tal rjochtbanken yn Fryslân. De fúzje fan inkele Fryske gemeenten hat ek in negatyf effekt op it brûken fan it Frysk, omdat it persintaazje memmetaalpraters fan de Fryske taal yn alle gemeenten weromrûn is. Itselde probleem kin him foardwaan as gefolch fan de takomstige werstrukturearring fan it plysjebestjoer.

Media yn de Fryske taal

22. De regionale publike omrop, *Omrop Fryslân*, stimulearret de minderheidstaal yn de regio oanhâldend troch yn alle televyzje- en radioprogramma's allinnich de Fryske taal te brûken, lykas ek yn de produkten op ynternet dy't oan it nijs relatearre binne. Nei ferwachting giet yn 2014 in nije Mediawet yn nei it beslút fan de oerheid om de resentralisaasje fan de foegen foar regionale televyzje fan de provinsjes nei de nasjonale autoriteiten troch te setten. Dêrom moat soarge wurde dat dy oerdracht fan foegen net liedt ta in fermindering fan de stjoertiid yn it Frysk en ta in ferleegjen fan de foar *Omrop Fryslân* beskikbere finansiering.

Ûnderwiis yn it Frysk

23. Der binne substansjele ynspannings ferrjochte om persoanen dy't ta de Fryske minderheid hearre mear mooglikheden te bieden om de Fryske taal te learen yn de foarskoalske perioade en yn it primêr en sekundêr ûnderwiis. Der binne modellen fan trijetalich ûnderwiis yn it Nederlânsk, Frysk en Ingelsk ûntwikkele en dy dogge fertuten. Ynterkulturele ûnderwiiseleminten, ynklusyf de Fryske taal en kultuer, meitsje diel út fan de algemiene learplannen fan alle learlingen.

24. It tal oeren Fryske les as ferplicht fak is noch altyd tige leech en it gebrek oan foldwaande oplate leararen yn de Fryske taal bliuwt nuodlik foar de Fryske minderheid.

Partisipaasje fan de Fryske minderheid yn it iepenbier bestjoer

25. Neffens de nije Taalwet wurdt der in nij orgaan foar de Fryske taal mei mear ferantwurdlikheden oprjochte. Alhoewol't de mooglike fúzje fan de noardlike provinsjes, lykas ek de reorganisaasje fan de noardlike gemeenten, noch net útwurke is, hawwe de fertsjintwurdigers fan de Fryske minderheid grutte beswieren tsjin dy mooglike bestjoerlike weryndieling. Sy binne benaud dat dy de posysje fan de Fryske taal, kultuer en identiteit ferswakje sil as de provinsje Fryslân as bestjoerlike ienheid ferdwine soe.

II. BEFININGS KÊST FOAR KÊST

Kêst 3 fan it Kaderferdrach

Tapassingsberik

Befinings fan de earste syklus

26. It Riejaand Komitee stelde yn syn earste Advys fêst dat it stânpunt fan de autoriteiten oangeande de persoanlike wurkingsfear fan it Kaderferdrach yn de praktyk laat hat ta útsluting fan beskate groepen, benammen de Roma en de Sinti, en noege de autoriteiten út om mei de oanbelangjende groepen ta in ynstitúsjonalisearre dialooch te kommen. It Riejaand Komitee hie noed oer de wurkwiize fan de de Nederlânske autoriteiten, dy't referearret oan it steatsboargerkritearium en it territorialiteitsbegjinsel en dêrtroch eigenwillich de mooglikheden beheint foar oare potinsjele groepen om te profitearjen fan it Kaderferdrach.

Hjoeddeistige situaasje

a) Positive ûntjouwings

27. It Riejaand Komitee merkt op dat de autoriteiten op lokaal nivo ad hoc-oerlis hawwe mei Roma- en Sinti-mienskippen yn it ramt fan de aktiviteiten dy't opset binne troch it Platfoarm Roma-mienskippen (sjoch Kêst 6 hjirûnder).

b) Iepensteande problemen

28. It Riejaand Komitee merkt op dat neffens de Ferklearring dy't troch Nederlân by de ûndertekening fan it Kaderferdrach foarlein is, allinnich persoanen dy't ta de Fryske minderheid hearre erkend wurde as nasjonale minderheid.²

29. It Riejaand Komitee is der troch de autoriteiten fan op de hichte brocht dat yn it oerlis mei de fertsjintwurdigers fan de Roma en Sinti dy groepen de kwestje fan erkenning as nasjonale minderheid net nei foaren brochten. De autoriteiten stelle dat binnen de Roma- en Sinti-mienskippen tige ferskillend tocht wurdt oer dy spesifike kwestje en dat it grutste part fan de persoanen dy't hearre ta dy groepen dy't derfoar keazen om har yn de sechtiger jierren fan de foarige ieu yn Nederlân te festigjen en yn de Nederlânske mienskip yntegrearre binne, net as minderheid identifisearre wurde wol. Boppedat hawwe de autoriteiten útlein dat se problemen foarsjogge by it oangean fan in effektive dialooch mei Roma- en Sinti-mienskippen as gefolch fan it ûntbrekken fan organisearre oerlisstrukturen. Se ûnderstreekje dat it grutste part fan de besteande organisaasjes fan Roma en Sinti bestiet út spesifike famyljegroepen dy't troch de mienskip as gehiel net as represintative gesprekspartners akseptearre wurde.

30. By de besite hat it Riejaand Komitee meetings hân mei in tal fertsjintwurdigers fan Roma- en Sinti-mienskippen. It Riejaand Komitee stelde fêst dat dy mienskippen, hoewol't se net konsekwint de winsk útsprutsen om beskerme te wurden troch it Kaderferdrach op himsels, utering jouwe oan har grutte soarch oer de ûnbefredigjende en ûnfoldwaande dialooch tusken har mienskippen en de autoriteiten. It Riejaand Komitee merkt de grutte belangstelling op dy't sy hawwe foar it opsetten fan in ynstitúsjonalisearre dialooch mei de autoriteiten om kwestjes dy't foar har mienskippen wichtich binne te bepraten.

²Ferklearring fan Nederlân yn in "Ferbale Nota" fan de Permaninte Fertsjintwurdiging fan Nederlân dy't troch Nederlân oerlein waard by de akte fan oanfurdiging op 16 febrewaris 2005: "It Keninkryk fan de Nederlannen sil it Kaderferdrach tapasse op de Friezen".

31. As it giet om it foargeande betreuret it Riejaand Komitee it dat de groepen dy't eventueel belangstelling hawwe foar de beskerming fan it Kaderferdrach net foldwaande rieplachte binne oer har mooglike ynklúzje. It Riejaand Komitee ferwachtet dat de autoriteiten stappen sette sille om te sykjen nei manieren om dy groepen de mooglikheid te bieden har miening te jaan as se yn de takomst dy beskerming freegje soene. Dy stappen kinne mooglik kêst foar kêst in tapassing fan it Kaderferdrach omfetsje foar netsteatsboargers of persoanen dy't bûten har tradisjonele fêstigingsgebieten wenje.

Oanbefelling

32. It Riejaand Komitee trunet by de autoriteiten oan op in fleksibeler oanpak fan it tapassingsberik fan it Kaderferdrach en op in op dialooch basearre wurkwize by de kontakten mei persoanen dy't diel útmeitsje fan groepen dy't yn de takomst mooglik belangstelling hawwe foar de beskerming dy't it Kaderferdrach biedt, dêrby ynbegrepen effisjinte oerlismeganismen.

Sammeljen fan gegevens

Befinings fan de earste syklus

33. It Riejaand Komitee konstataarre yn syn earste Advys dat Fryske ôffurdigen belangstelling toanden foar it sammeljen fan gegevens oer persoanen dy't har Fries neame en noege de autoriteiten út dat neier te bepraten mei dyjingen dy't foarstanner binne fan it sammeljen fan soksoarte gegevens.

Hjoeddeistige situaasje

a) Positive ûntjouwings

34. It Riejaand Komitee merkt mei belangstelling op dat de Fakulteit Fryske Taal en Kultuer fan de Ryksuniversiteit Grins yn it ramt fan it ûndersyksprojekt "Lânskip fan talen" op it stuit dwaande is mei it sammeljen fan gegevens oer Frysktaligen. Troch dat ûndersyk moat in better ynsjoch krigen wurde yn it brûken fan de Fryske taal yn de provinsje om de befolking bewuster te meitsjen fan it belang om de taal libben te hâlden.

b) Iepensteande problemen

35. It Riejaand Komitee merkt op dat yn Nederlân gjin folkstelling útfierd wurdt en dat it wetlik net tastien is om gegevens te sammeljen oangeande etnyske komôf, religieuze oertsjûging of seksuele aard. De iennige beskikbere persoansgegevens komme út it befolkingsregister. It Riejaand Komitee merkt op dat útsûnderingen op dat ferbod mooglik binne as de oanbelangjende persoan eksplisyt tastimming jûn hat en de gegevens persoanlik bekend makke hat. It Komitee merkt op dat dat faak it gefal is by Frysktaligen yn de kontekst fan beliedslinen dy't spesifyk rjochte binne op it ferlytsjen fan besteande taalefterstannen. Alhoewol't op lokaal nivo troch kulturele ynstellings ûndersiken nei it brûken fan de Fryske taal organisearre wurde, binne dy projekten net foldwaande om de foarútgong te beoardieljen dy't berikt is yn it behearskjen fan de Fryske taal yn de provinsje. It Riejaand Komitee ûnderstreket de needsaak fan it sammeljen fan gegevens om passend belied en tarikkende maatregels te ûntwikkeljen foar de oanbelangjende groep³ en is fan oardiel dat oanfoljende middels nedich binne om de besteande inisjativen fierder út te wreedzjen yn de gemeenten fan de provinsje.

Oanbefelling

³ Sjoch ACFC Tredde tematyske taljochting by de taalrjochten fan persoanen dy't hearre ta nasjonale minderheden, maaie 2012.

36. It Riejaand Komitee moediget de autoriteiten oan om mei help fan it sammeljen fan gegevens en op bewiis basearre ynstruminten effektyf belied te ûntwikkeljen foar persoanen dy't hearre ta de ûnderskate etnyske groepen yn it lân en om, yn gearwurking mei de oanbelangjende persoanen, besteande lokale inisjativen te stypjen en dêrby de besteande ynternasjonale noarmen foar it beskermjen fan persoansgegevens folslein te earbiedigjen.

Kêst 4 fan it Kaderferdrach

Wetlik en ynstitúsjoneel kader foar it bestriden fan diskriminaasje

Befinings fan de earste syklus

37. It Riejaand Komitee noege yn syn earste Advys de autoriteiten út har oanhâldend yn te spannen foar it bestriden fan diskriminaasje troch te garandearjen dat passende finansjele middels beskikber komme soene om de ûnderskate antydiskriminaasje-organen dy't ynsteld binne, effektyf funksjonearje te litten.

Hjoeddeistige situaasje

a) Positive ûntjouwings

38. It Riejaand Komitee stelt mei foldwaning fêst dat Nederlân dwaande is mei it fierder útwurkjen fan de ûntwikkeling fan in wetlik en ynstitúsjoneel ramt foar it bestriden fan diskriminaasje. It prinsipe fan gelikensens is garandearre yn de Nederlânske Grûnwet⁴ en yn de Wet Gelikense Behanneling 2004. It Riejaand Komitee ferwolkomet de ynstelling fan it Nasjonaal Ynstitút foar de Rjochten fan de Minske (hjernei: NYRM) yn oktober 2012, dêr't de Kommisje Gelikense Behanneling (KBG) yn opgien is.⁵ Dat ûnôfhinklike, troch it Ryk finansierde orgaan is ferantwurdlik foar de maatskiplike fersprieding fan ynformaasje oer diskriminaasje, it útfieren fan ûndersyk, it jaan fan advys en begelieding oan mooglike slachtoffers fan diskriminaasje en it dwaan fan oanbefellings oan de oerheid oer metoaden om diskriminaasje tsjin te gean. De Nasjonale Ombudsman hâldt ek in aktive rol yn de striid tsjin diskriminaasje.⁶

39. It Riejaand Komitee ferwolkomet ek de ûntwikkeling fan in lokaal systeem foar monitoaring en melding fan diskriminaasje as ferfolch op it yngean fan de Wet Gemeentlike Antydiskriminaasjefoarsjennings.⁷ It Komitee stelt mei foldwaning fêst dat alle gemeenten dêrnei in antydiskriminaasjeburo ynsteld hawwe dat as taak hat om assistinsje te bieden by klachten oer diskriminaasje, en dat ek advisearret oer it belied en foarljochting jout oan de befolking. Dy buro's kinne gefallen fan bewearde diskriminaasje ek melde oan it NYRM.

40. Fierder stelt it Riejaand Komitee mei foldwaning fêst dat de autoriteiten besletten hawwe om it probleem fan yntolerânsje op ynternet oan te pakken troch yn 2013 in partnerskipsoerienkomst oan te gean mei de *Stichting M* (in ûnôfhinklike organisaasje foar it anonym melden fan misdriuwen) om klachten op ynternet te registrearjen en ôf te hanneljen. Ek merkt it Komitee op dat "*Magenta*", in stichting dy't as doel hat om uteringen fan rasisme

⁴ Kêst 1 fan de Nederlânske Grûnwet bepaalt de gelikense behanneling fan persoanen yn gelikense omstannichheden en ferbiedt diskriminaasje op grûn fan godstsjinst, libbensoertsjûging, politike gesindheid, ras, geslacht of op hokker grûn dan ek.

⁵ Omdat de KBG opgien is yn it NYRM, binne de oarspronklike foegen fan dy kommisje oangeande gelikense behanneling oernommen troch it NYRM.

⁶ Yn 2011 gie it by likernôch 700 troch it buro fan de Ombudsman ûntfongen klachten (op in totaal fan 14.000) om beskuldigings fan rassediskriminaasje.

⁷ De Wet Gemeentlike Anty-diskriminaasjefoarsjennings gie yn 2009 yn. Dy wet regelet dat alle boargers yn har eigen wen- of ferbliuwplak melding meitsje kinne fan bewearde diskriminaasje. Dêrneist hat elk rjocht op it ûntfangen fan stipe en advys fan in anty-diskriminaasjefoarsjennig (ADF).

op en troch ynternet tsjin te gean, oanhâldend in wichtige rol spylje sil by it bestriden fan diskriminaasje. It Komitee is fan oardiel dat dy bewustwurding fan essinsjeel belang is foar it bestriden fan rasisme op ynternet en stipe wurde moat om efektyf te funksjonearjen.

b) Iepensteande problemen⁸

41. Út rapporten dy't it Riejaand Komitee berikt hawwe,⁹ docht bliken dat mar in bytsje gefallen fan diskriminaasje ûnder de oandacht fan de eardere Kommisje Gelikense Behanneling of it buro fan de Ombudsman brocht binne troch persoanen dy't ta minderheidsgroepen hearre.¹⁰ Neffens guon gesprekspartners binne dy persoanen troch har gebrek oan fertrouwen yn offisjele ynstânsjes, sels wannear't se yn it deistich libben te krijen hawwe mei diskriminaasje, skruten om in klacht yn te tsjinjen. Dat is benammen it gefal by persoanen dy't ta Roma- en Sinti-mienskippen hearre. It Riejaand Komitee is fan oardiel dat maatregels nommen wurde moatte om it bewustwêzen fan en it fertrouwen yn de beskikbere rjochtsmiddels en ynstellings te fergrutsjen om diskriminaasje te bestriden.

42. It Riejaand Komitee merkt mei soarch op dat dizze foarbylden derop lykje te wizen dat dyjingen dy't it meast bleatstean oan diskriminaasje gjin gebrûk meitsje fan de beskikbere rjochtsmiddels om foar har rjochten op te kommen. Nettsjinsteande resinte foarljochtingskampanjes oangeande de ûnderskate manieren om melding te meitsjen fan diskriminaasje is it Riejaand Komitee fan betinken dat steviger maatregels nedich binne om te soargjen dat it wurk fan de antydiskriminaasje-organen, benammen de mooglikheden dy't bean wurde troch de lokale antydiskriminaasje-organen (ADB's), maatskiplik breed bekend wurdt, benammen by de groepen dy't it meast kwetsber foar diskriminaasje binne.

Oanbefelling

43. It Riejaand Komitee docht in berop op de autoriteiten om it publyk better tagong te bieden ta en bewuster te meitsjen fan oplossingen dy't yn it gefal fan diskriminaasje foarhannen binne en de rol dy't ûnderskate antydiskriminaasje-organen spylje binnen alle etnyske groepen en binnen de befolking as geheel, en om troch te gean mei it stypjen fan dy organen. It Riejaand Komitee moediget de autoriteiten ek mei krêft oan om benammen omtinken te jaan oan kwetsbere persoanen dy't de measte kâns rinne om diskriminearre te wurden, sadat se folslein op de hichte binne fan har rjochten en de beskikbere rjochtsmiddels.

Kêst 5 fan it Kaderferdrach

Stypjen fan de Fryske taal en kultuer

Befinings fan de earste syklus

44. It Riejaand Komitee stelde yn syn earste Advys fêst dat der oangeande it stypjen fan de Fryske taal en kultuer sprake wie fan in dieldere ferantwurdlikheid tusken de provinsje Fryslân en de sintrale autoriteiten, en it noege de autoriteiten út derfoar te soargjen om, yn de

⁸ It Riejaand Komitee merkt op dat de Europeeske Kommisje tsjin Rasisme en Yntolerânsje (EKRY) by it opstellen fan syn fjirde rapport oer Nederlân okkerdeis de mooglikheid hie om dizze ûntwikkeling yngeand te ûndersykjen. It Riejaand Komitee ferwiist datoangeande nei de detaillearre befinings en oanbefellings fan de EKRY.

⁹ Sjoch it Jierferslach fan 2012 fan de Nederlânske Nasjonale Ombudsman en it Jierferslach fan 2011 fan de Kommisje Gelikense Behanneling.

¹⁰ Gefallen fan diskriminaasje op grûn fan etnyske komôf wurde rapportearre troch it NYRM, sjoch it rapport "Implicit and explicit interethnic attitudes and ethnic discrimination in hiring", Blommaert L, van Tubergen F, Coenders M, Fakulteit Sosjology/ICS, Ryksuniversiteit Utert, juny 2013.

kontekst fan de foarstelde tanommen desintraalisaasje fan foegen oan de provinsje Fryslân, foldwaande omtinken te jaan oan it op peil hâlden fan de stipe oan Fryske kulturele aktiviteiten.

Hjoeddeistige situaasje

a) Positive ûntjouwings

45. It Riejaand Komitee merkt op dat Fryske kulturele ynstellings oanhâldend in aktive rol spylje by de befoardering fan de Fryske taal en kultuer mei finansjele stipe fan de provinsjale en sintrale autoriteiten. De Kommisje is der boppedat fan op de hichte brocht dat jongerein hieltyd mear belangstelling krijt foar Fryske kultuer, benammen foar Fryske muzyk.

b) Iepensteande problemen

46. It Riejaand Komitee merkt op dat it projekt fan fierdere desintraalisaasje fan foegen fan de sintrale autoriteiten nei de Fryske provinsjale autoriteiten noch ûnderwerp fan besprek is (sjoch kommentaar op de Kêsten 9, 10 en 15 hjirûnder).

47. It Riejaand Komitee is derfan op de hichte brocht dat de Stifting It Fryske Boek as gefolch fan besunigings yn de eigen begrutting net mear by steat is en biedt finansjele stipe oan Fryske literatuer. Fierder binne de finansjele middels dy't troch de provinsje Fryslân beskikber steld binne, net tarikkend om nije fiksje of non-fiksje te produsearjen. Dêrtroch is mar in beheind tal literêre tydskriften beskikber foar jongerein en bern. Fryske fertsjintwurdigers sprutsen ek har noed út oer de ûnfoldwaande kennis fan de Fryske kultuer yn it algemiene ûnderwiissysteem (sjoch Kêst 12 hjirûnder).

48. It Riejaand Komitee nimt kundskip fan de soargen dy't troch de Fryske minderheid utere wurdt oangeande de mooglik fermindere stipe fan de kant fan de oerheid by desintraalisaasje fan foegen nei de provinsje Fryslân. It Riejaand Komitee ûnderstreket dat yn nauwe gearwurking mei minderheidsfertsjintwurdigers passende maatregels nommen wurde moatte om de Fryske identiteit, taal en kultuer te beskermjen en yn stân te hâlden, likefolle it eventuele beslút oangeande it desintraalisaasjeproses.

Oanbefelling

49. It Riejaand Komitee docht in berop op de autoriteiten om de needsaaklike stipe te bieden foar it behâld en de befoardering fan de Fryske kultuer en de yntegraasje derfan yn it algemiene ûnderwiissysteem.

Kêst 6 fan it Kaderferdrach

Bestriding fan yntolerânsje en etnyske diskriminaasje

Befinings fan de earste syklus

50. It Riejaand Komitee stelde fêst dat, hoewol't Nederlân in lange tradysje fan tolerânsje en iepenheid foar de kultuer fan oaren oer ken, it yntegraasjebelied rjochte op it beskermjen fan de Nederlânske nasjonale identiteit, resultearre hat yn in tanommen stigmatisearring fan persoanen dy't hearre ta minderheidsmienskippen, benammen de moslimmienskip. It Komitee moedige de autoriteiten oan om in klimaat fan wjersidich begryp tusken de mearderheid fan de befolking en etnyske minderheden te behâlden.

51. It Riejaand Komitee stelde fêst dat der noed ûntstien wie oer it besykjen om maatregels te nimmen dy't rjochte binne op spesifike etnyske groepen (nammentlik de saneamde Ferwiisyndeks Antillianen) en dat it brûken fan rasseprofilen troch de plysje noch faak meld

wurdt. It Komitee fersiket de autoriteiten om tafersjoch te hâlden op soksoarte praktiken om diskriminearjende tapassingen oan it ljocht te bringen.

52. It Riejaand Komitee stelde fêst dat de Nederlânske wetjouwing ûnderskate bepalings befette dy't it oansetten ta haat en diskriminaasje strafber stelle, en dat spesifike ynstruksjes oan it Iepenbier Ministearje jûn wiene om yn gefallen fan rasiaal ynspirearre misdriuwen hegere straffen te easkjen. Nettsjinsteande dat stelde it Komitee fêst dat yn mar in bytsje gefallen op soksoarte grûnen rjochtsferfolging folget en fersiket de autoriteiten har op dat mêd oanhâldend yn te spannen om te garandearjen dat plysje en Iepenbier Ministearje dy bepalings better tapasse, ûnder mear troch melding en monitoaring fan haatdelikten te ferbetterjen.

Hjoeddeistige situaasje

a) Positive ûntjouwings

53. It Riejaand Komitee stelt mei foldwaning fêst dat de autoriteiten trochgean mei it útfieren fan inisjativen dy't rjochte binne op in better begryp fan it probleem fan yntolerânsje en diskriminaasje fan persoanen dy't ta ûnderskate etnyske minderheden hearre, lykas ek kampanjes dy't de klam lizze op it belang fan ferskaat en boargers stimulearje om alle foarmen fan diskriminaasje te melden.¹¹

54. Fierder docht it it Riejaand Komitee deugd op te merken dat de oerheid yn 2008 ôfsjoen hat fan de yntroduksje fan in Ferwiisyndeks fan Antillianen. Ek ferwolkommet it Komitee de stúdzjes dy't yn 2011 útfierd binne troch it Programma foar Wittenskip en Ûndersyk fan de plysje om it brûken fan rasseprofilen foar te kommen, lykas ek de oanbefellings foar de ûntwikkeling fan oanfoljende kritearia, rjochtlinen en praktiken om diskriminaasje tsjin te gean. It Riejaand Komitee is fan betinken dat it oanlûken fan minsken mei ûnderskate eftergrûnen by de plysje en skoalling op it mêd fan minskerjochten ek bydrage kinne oan it tefoaren kommen fan rasseprofilen.

55. It Riejaand Komitee merkt ek mei belangstelling op dat it systeem foar melding en monitoaring fan haatdelikten ferbettere is troch it brûken fan "unifoarme saakbeoordieling". Sûnt 2009 advisearje it Lanlik Buro Diskriminaasjesaken (LECD-Plysje) en it Lanlik Ekspertizesintrum (LECD-Parket) op grûn fan dy gegevens de plysje en it parket oer rasistyske oertrêdings. Lêstneamde ynstânsje bringt ek jierlikse diskriminaasjerapporten út (POLDIS)¹².

b) Iepensteande problemen

56. It Riejaand Komitee nimt kundskip fan de soargen dy't troch it Lanlik Oerlis Minderheden (LOM) utere wurde¹³ oangeande it ûntbrekken fan in passende dialooch mei de oerheid. Alhoewol't der trije kear jiers mienskiplike gearkomsten wêze moatte soene, hat it der alle skyn fan dat soks net bart. Dêr komt by dat fertsjintwurdigers fan it LOM har frees útsprekke oer de takomst fan har organisaasje fanwege in wetsûntwerp, rjochte op ûntbining

¹¹ Lanlike kampanjes lykas "Moat ik myn identiteit thúslitte as ik útgean?" en "Moatst dyn eigen ik weistopje om akseptearre te wurden?" binne útfierd fia televyzje, radiocommercials, kranten, posters en in nasjonale helpline. Boppedat waard in Mearjierrekalinder foar Plysje Ferskaat (2006-2010) opset om it ferskaat ûnder it plysjepersoniel as sterk punt sjen te litten.

¹² Neffens it POLDIS-rapport fan 2011 waarden 2802 gefallen fan rasiaal ynspirearre misdriuwen meld, in stiging fan 10% neffens it jier dêrfoar.

¹³ It LOM is de nasjonale oerlisstruktuer dy't yn 1997 yn it libben roppen waard neffens de Wet Oerlis Minderhedebelied om saken dy't fan belang binne te besprekken mei etnyske minderheidsgroepen. It LOM bestiet út fertsjintwurdigjende organisaasjes fan Sineeske, Turkske, Súd-Europeeske, Karibyske, Surinaamske en Marokkaanske mienskippen.

fan it LOM, dat yntsjinne is by it parlemint. De fertsjintwurdigers fan it LOM erkenne dat de hjoeddeistige struktuer ferbettere wurde moat, mar se ûnderstreekje dat it de iennichste ynstânsje yn it lân is dy't mieningen jaan kin oer kwestjes dy't de oanbelangjende groepen oangean. It Riejaand Komitee jout ek kundskip fan syn yn totaliteit krityske beoardieling fan it Nederlânske yntegraasjebelied yn de kontekst fan it yn algemiene sin opnij yn beried nimmen troch de autoriteiten fan it yntegraasjebelied, dat net mear rjochte is op beliedsmaatregels foar kwetsbere groepen, mar de ferantwurdlikheid foar yntegraasje benammen leit by de oanbelangjende persoanen. It Riejaand Komitee nimt nota fan it stânpunt fan de autoriteiten dy't de winsk oanjûn hawwe om dat ynstitúsjonalisearre platfoarm te ferfangen troch mear fleksibele foarmen fan gearwurking dy't troch de minderheden sels yn it libben roppen wurde. It Riejaand Komitee bliuwt der fêst fan oertsjûge dat yntegraasje in twarjochtingsproses is dat ek ynspannings freget fan de mearderheid, en dat partisipaasjemeganismen oer de lange termyn gean moatte en ynstitúsjonalisearre fan aard wêze moatte om kontinuïteit te garandearjen en in bredere diskusje tusken alle oanbelangjenden oer minderheidsoangelegenheden mooglik te meitsjen.

57. It Riejaand Komitee stelt fêst dat noch altyd melding makke wurdt fan gefallen antysemitisme. It Komitee hat ek noed oer it feit dat noch altyd uteringen fan rasisme en yntolerânsje meld wurde troch persoanen út ûnderskate minderheidsgroepen.¹⁴ It Riejaand Komitee makket him soargen oer it feit dat de frekwinsje fan uteringen fan fijannichheid rjochting ymmigranten yn it politike debat yn de ôfrûne jierren tanommen is, benammen as gefolch fan it antymoslim- en anty-ymmigraasjedebat troch guon politisy. It Riejaand Komitee makket him slim soargen oer yntolerante útspraken en útstellen, lykas it Meldpunt Poalske wurknimmers dat troch in politike partij ynsteld waard. It Riejaand Komitee beklammet dat negatyf debat rjochte op spesifike groepen op grûn fan har etnyske komôf of har religy, krêftich en ûndûbelsinnich troch politisy feroardiele wurde moat. It Riejaand Komitee hat ek noed oer it feit dat it prinsipe fan respekt foar frijheid fan mieningsutering faak brûkt wurdt om it ûntbrekken fan sanksjes op uteringen fan haat te rjochtfeardigjen, en oer it dúdlike gebrek oan passende aksjes fan de mearderheid, de media en de politike liederen, dy't dy fijannige hâlding net krêftich genôch feroardielje.

58. It Riejaand Komitee stelt mei soarch fêst dat de mearderheid fan de befolking en minderheden faak yn in parallel bestean neist elkoar lykje te libjen, lykwols sûnder in substansjele foarm fan ynteraksje. It Riejaand Komitee merkt mei soarch op dat sa'n parallel bestean benammen te sjen is yn stedsgebieten en skoallen dêr't yn sosjaal-ekonomysk opsicht in tastân fan "de facto segregasje" liket te bestean,¹⁵ nettsjinsteande de grutte ynspannings fan de autoriteiten om de situaasje te ferbetterjen.¹⁶ It Riejaand Komitee ûnderstreket dat ynspannings om dy ûntjouwings tsjin te gean trochset wurde moatte, benammen troch edukaasje yn minskerjochten. Tsjin dy eftergrûn wiist it Riejaand Komitee derop dat it fan essinsjeel belang is om yn alle libbenssfearen mooglikheden foar dialooch tusken etnyske groepen te skeppen. Ek beklammet it Komitee de needsaak om yn nau oerlis mei de

¹⁴ Sjoch de taspraak fan Thomas Hammarberg, Kommissaris foar de Minskerjochten fan de Ried fan Europa foar de Kommisje fan de Earste Keamer op 28 septimber 2010 yn De Haach, en de Ried foar de Minskerjochten fan de Feriene Naasjes, Rapport fan de Wurkgroep oer de Universele Periodike Beoardieling, Nederlân, july 2012.

¹⁵ Neffens guon gesprekspartners bestiet op guon skoallen in konsintraasje fan learlingen dy't hearre ta kwetsbere groepen, omdat in soad Nederlanners dy't wenje yn buerten mei in protte minsken út kwetsbere groepen (mingde wiken) op grûn fan de frijheid fan skoalkar dy't âlden hawwe, har bern leaver nei skoallen yn oare gebieten stjoere.

¹⁶ Gemeenten krije jierliks 260 miljoen euro as oerheidsbydrage foar it opsetten fan projekten dy't rjochte binne op desegregasje, benammen troch de kwaliteit fan skoallen yn efterstânsbuerten te ferbetterjen.

ûnderskate oanbelangjende minderheidsgroepen passende foarmen fan oerlis fêst te stellen om kwestjes en beliedslinen te bepraten dy't har oangean. It Riejaand Komitee ûnderstrekke dat foar it garandearjen fan in reële ymplementaasje fan de yn Kêst 6 fan it Kaderferdrach ferfette begjinsels, mienskiplike ynspannings nedich binne om nauwe bannen tusken de ûnderskate minderheidsgroepen en de mearderheid te ûntwikkeljen en wjersidich begryp binnen de mienskip as gehiel te kweken. It Riejaand Komitee wol de autoriteiten graach yn 't sin bringe dat de Lidsteaten, dy't partij binne yn it Kaderferdrach, op har nimme om yn neifolging fan dat kêst respekt en wjersidich begryp te befoarderjen ûnder alle persoanen dy't op har grûngebiet wenje, likefolle wat har etnyske, kulturele, taalkundige of godstsjinstige identiteit of har steatsboargerskip is.

59. It Riejaand Komitee fynt it ek nuodlik dat, hoewol't in tal Poalske útstjoerkrêften konfrontearre wurdt mei slimme gefallen fan diskriminaasje, dy persoanen net yn in posysje binne om klachten yn te tsjinjen by de besteande antydiskriminaasje-ynstallings, omdat se benaud binne om har baan en ferbliuwplak te ferliezen dy't se krigen fia partikuliere buro's yn har lân.

Oanbefellings

60. It Riejaand Komitee docht in berop op de autoriteiten om te soargjen foar steviger maatregels om in geast fan tolerânsje en ynterkulturele dialoach yn de maatskippij te stimulearjen en om diskriminaasje en stigmatysearing fan groepen foar te kommen. Boppedat binne op it doel rjochte ynspannings nedich om it algemiene begryp fan minskerjochten te ferbetterjen, benammen troch edukaasje yn minskerjochten.

61. It Riejaand Komitee freget de autoriteiten om effektive maatregels te nimmen om wjersidich respekt en begryp te befoarderjen, yn it bysûnder yn it ûnderwiisfjild. It Komitee moediget de autoriteiten ek oan om it eigen yntegraasjebelied ûnder de loep te hâlden om by alle minsken dy't yn it lân wenje de ynterkulturele dialoach en it wjersidich begryp te fersterkjen.

62. It Riejaand Komitee moediget de autoriteiten oan om har oanhâldend yn te spannen foar it oanlûken fan minsken mei ûnderskate eftergrûnen by de plysje en har, om diskriminaasje foar te kommen, skoalling te jaan op it mêd fan minskerjochten.

63. It Riejaand Komitee trunet by de autoriteiten oan op in krêftige feroardieling fan alle uteringen fan ûnferdraachsumheid, yn it bysûnder yn it politike debat en op ynternet, soks mei respekt foar de frijheid fan mieningsutering.

64. It Riejaand Komitee docht in berop op de autoriteiten om de partisipaasjemeganismen te stypjen dy't de dialoach mei de fertsjintwurdigers fan etnyske minderheidsgroepen befoarderje en te kommen ta in duorsume en ynstitúsjonalisearre dialoach.

Roma en Sinti

Befinings fan de earste syklus

65. It Riejaand Komitee moedige yn syn earste Advys de autoriteiten oan om in rjochtstreekse dialoach op nasjonaal nivo te fieren mei de Roma- en Sinti-mienskippen om har soargen en belangen te bepraten. It Komitee stelde ek fêst dat der gjin alles omfetsjend belied is dat him rjochtet op alle oarsaken fan de marginalisearing fan de Roma en Sinti, en wie fan oardiel dat de autoriteiten sa'n belied útwurkje moatte yn oerlis mei de Roma- en Sinti-organisaasjes.

Hjoeddeistige situaasje

a) Positive ûntjouwings

66. It Riejaand Komitee merkt op dat ûnderskate gemeenten in tal projekten ymplementearje om de yntegraasje fan Roma- en Sinti-mienskippen te ferbetterjen. De lokale autoriteiten rjochtsje har ynspannings op Roma-famyljes dy't konfrontearre wurde mei tal fan problemen (lykas skulden, skoalfersom, problemen yn de wiken, houliken op minderjierrige leeftiid en/of biddelje). Yn dy kontekst merkt it Riejaand Komitee mei belangstelling op dat de sintrale autoriteiten yn 2009 in Platfoarm fan Nederlânske Roma-gemeenten opset hawwe, dat as taak hat in gearhingjende oanpak te ûntwikkeljen oangeande Roma-kwestjes om ûnderfinings en good practice diele te kinnen en kommunisearje te kinnen mei de oerheid. Yn 2010 stelden de sintrale autoriteiten oan dat Platfoarm in bedrach fan € 600.000 beskikber foar it ynvestearjen yn ûnderwiis oan Roma, yn it foarste plak om it skoalfersom fan Roma-bern, benammen famkes, werom te kringen.

b) Iepensteande problemen

67. Neffens ynformaasje dêr't it Riejaand Komitee oer beskikt, wurdt stipe fan lokale projekten rjochte op Roma- en Sinti-mienskippen troch de oanbelangjende persoanen faak as net tarikkend beskôge, omdat sokke projekten mear rjochte binne op misdiedprevinsje as op sosjale yntegraasje, sadat de foaroardielen tsjin Roma yn stân bliuwe. By de besite fan it Riejaand Komitee betreuere fertsjintwurdigers fan Roma- en Sinti-mienskippen de beheinde kennis oer Roma by de lokale autoriteiten en it ûntbrekken fan kommunikaasje en fertrouwen tusken har en de oerheden, dêrby ynbegrepen de plysje. Sy klagen oer de ambivalinte oanpak fan yntegraasje: oan 'e iene kant wurdt de ferantwurdlikheid foar maatskiplike yntegraasje fan de Roma sels beklamme, en oan 'e oare kant is der gjin partisipaasje en ynspraak fan Romamienskippen by it beslútfarmingsproses oer kwestjes dy't har oangean. As negatyf foarbyld joegen se oan dat it by de mediators dy't beneamd wiene om Roma-famyljes te helpen, gie om gemeente-amtners dy't gjin Roma wiene. De fertsjintwurdigers fan Roma- en Sinti-mienskippen melden ek dat se op sosjaal mêd noch altyd konfrontearre wurde mei diskriminaasje, en se sprutsen har soargen út oer it ûntbrekken fan spesifyk nasjonaal Romabelied dat rjochte wie op har problemen. It muoit har ek dat it Nederlânsk Ynstitút Sinti en Roma (NYSR), it ekspertizesintrum foar Roma-oangelegenheden dat yn 2010 oprjochte waard mei finansiering fan de sintrale oerheid, gjin gebrûk makket fan de ekspertize fan Romamienskippen en dat mar in pear Roma diel útmeitsje fan it bestjoer. It Riejaand Komitee merkt op dat dat ekspertizesintrum yn 2012 opheft waard fanwege de minne prestaasjes, en betreuret it dat der sûnt gjin oar konsultatyf orgaan foar yn it plak kommen is.

68. It Riejaand Komitee hat noed oer rapporten dat by Roma-bern noch altyd sprake is fan ernstige problemen by de tagong ta ûnderwiis, lykas in heger fersom- en skoalútfalpersintaazje, in leger opliedingsnivo, benammen by famkes, nettsjinsteande de troch gemeenten finansierde projekten om te soargjen dat Roma-bern nei skoalle gean, benammen wat ferfolchûnderwiis oangiet.¹⁷

69. It Riejaand Komitee hâldt ek soargen oer de problemen dy't persoanen út Roma- en Sinti-mienskippen ôfkomstich út it eardere Joegoslavië hawwe mei in net fêststeande nasjonaliteit en dy't dêrtroch as feitlik steateleas beskôge wurde. It Komitee merkt op dat de oerheid bekend is mei dat probleem en ropt op ta in flugge oplossing fan dy situaasje.

¹⁷ Sjoch: Tematysk ferslach oer "Skoalútfal en fersom by Roma-bern" fan it ad hoc Riejaand Komitee oangeande Roma-kwestjes (CAHROM), maaie 2012.

70. It muoit it Riejaand Komitee dat, hoewol't op lokaal nivo streekrjochte kontakten mei Roma-organisaasjes bestean, der noch altyd gjin strukturearre oerlismeganisme is om mei de Roma- en Sinti-mienskippen har soarchpunten en belangen te bepraten, nettsjinsteande werhelle fersiken yn dy rjochting. It Komitee ûnderstreket dat in konstruktif partnerskip, basearre op wjersidich fertrouwen tusken de autoriteiten en de Roma- en Sinti-mienskippen, beide partijen ta foardiel binne. It Komitee is fan oardiel dat it oanlûken fan Roma-mediators de kommunikaasje en de bannen tusken Roma en de Nederlânske autoriteiten ferbetterje kin en beheiningen foar sosjale yntegraasje út de wei romje kin.

71. Rekken hâldend mei de winsk fan de autoriteiten om nije foarmen fan oerlis mei Roma- en Sinti-mienskippen op te setten, moediget it Riejaand Komitee de oerheid oan om rekken te hâlden mei it belang fan mediation as effektyf ynstrumint foar it befoarderjen fan de earbiediging fan de minskerjochten en sosjale yntegraasje lykas fermeld yn de Oanbefelling fan it Komitee fan Ministers oangeande dizze kwestje.¹⁸

Oanbefellings

72. It Riejaand Komitee docht in berop op de autoriteiten om op lanlik en lokaal nivo de dialooch te ferbetterjen mei de Roma- en Sinti-mienskippen om har soarchpunten en belangen te bepraten, dêrby ynbegrepen it brûken fan Roma-mediators.

73. It Riejaand Komitee docht in berop op de autoriteiten om troch te gean mei it oanmoedigjen fan programma's en belied foar yntegraasje fan Roma en Sinti, yn nauwe gearwurking mei de oanbelangjenden, en ek om de problemen oangeande steateleasheid fan persoanen dy't hearre ta de Roma- en Sinti-mienskippen oanhâldend oan de oarder te stellen. It Komitee freget de autoriteiten om diskriminearjend hâlden en dragen rjochting persoanen dy't ta dy mienskippen hearre, te bestriden.

74. It Riejaand Komitee docht in berop op de autoriteiten om gelikense tagong ta ûnderwiis foar persoanen dy't hearre ta de Roma- en Sinti-mienskippen te garandearjen, mei dêrby spesjaal omtinken foar famkes. Ek ropt it Komitee de autoriteiten op om te garandearjen dat ûnderwiis oan Roma-bern passende stipe en finansiering krijt foar maatregels dy't rjochte binne op it ferbetterjen fan har skoalprestaasjes, ynklusyf mei it ynsetten fan Roma-mediators.

Kêst 9 fan it Kaderferdrach

Stjoertiid yn it Frysk

Befinings fan de earste syklus

75. It Riejaand Komitee stelde yn syn earste Advys fêst dat *Omrop Fryslân* de iennichste publike omrop wie dy't yn it Frysk útstjoerde en noege de autoriteiten út omtinken te jaan oan it debat oer desintralisaasje om te garandearjen dat adekwate betingsten, wêrûnder finansjele maatregels, skepen waarden foar *Omrop Fryslân* om syn funksjes effektyf út te fieren.

Hjoeddeistige situaasje

a) Positive ûntjouwings

76. It Riejaand Komitee merkt op dat de regionale publike omrop, *Omrop Fryslân*, útgroeid is ta ien fan de wichtichste partijen by it stimulearjen en fersterkjen fan de

¹⁸ Oanbefelling CM/Rec (2012)9 fan it Komitee fan Ministers oan Lidsteaten oer mediation as effektyf ynstrumint foar it befoarderjen fan de earbiediging fan de minskerjochten en sosjale yntegraasje fan Roma, goedkard op 12 septimber 2012.

minderheidstaal yn de regio troch yn al syn televyzje- en radioprogramma's allinnich de Fryske taal te brûken. *Omrop Fryslân* hat op ynternet ûnderskate nije produkten ûntwikkele dy't rjochte binne op live streaming fan wichtige eveneminten op it mêd fan kultuer en sport. Yn 2010 waard ek in kanaal mei 24 oeren allinnich Fryske muzyk start. Dy inisjativen hawwe bydroegen oan it libben hâlden fan de Fryske taal yn it deistich libben fan persoanen dy't ta de Fryske minderheid hearre.

77. By de besite waard it Riejaand Komitee derfan op de hichte brocht dat de autoriteiten befêstige hawwe dat *Omrop Fryslân* it oanwiisde regionale medium foar de provinsje Fryslân bliuwt en dat de konsesjeperioade, dy't einiget yn 2013, mei fiif jier ferlingd wurdt. Yn oanfolling op de finansiering dy't *Omrop Fryslân* fan de provinsje Fryslân krijt, binne de sintrale autoriteiten fan doel troch te gean mei it jaan fan in jierlikse bydrage,¹⁹ likegoed foar it ûntwikkeljen fan Frysktalige kulturele programma's as foar berneprogramma's, nettsjinsteande it werombringen fan de begrutting foar de lanlike publike omrop. As gefolch dêrfan wurdt *Omrop Fryslân* by steat achte al syn aktiviteiten yn 2014-2015 fuort te setten.

b) Iepensteande problemen

78. It Riejaand Komitee is derfan op de hichte brocht dat nei ferwachting yn 2014 in nije Mediawet yngiet nei it beslút fan de oerheid om de resintralisaasje fan de foegen foar regionale televyzje fan de provinsjes nei de nasjonale autoriteiten en de yntegraasje fan de regionale publike omroppen yn de nasjonale omroppen fuort te setten. Dat hat fan gefolgen dat de finansjele ferantwurdlikheid foar de Fryske regionale omrop, dy't sûnt 2006 by de provinsje Fryslân leit, by de sintrale oerheid komt te lizzen. Neffens fertsjintwurdigers fan Fryske organisaasjes kin dy oerdracht fan foegen liede ta in fermindering fan de stjoertiid yn it Frysk en ta in ferleging fan de beskikbere finansiering as de provinsje Fryslân *Omrop Fryslân* net mear stipet. Sy binne ek benaud dat de ûnôfhinklike posysje fan *Omrop Fryslân* yn gefaar komme kin.

79. It Riejaand Komitee merkt mei belangstelling op dat de autoriteiten yn maaie 2012 de "Tydlike Kommisje Boarging Fryske taal yn de Media" (de Kommisje Hoekstra) ynsteld hawwe, dy't belêste is mei it jaan fan oanbefellings oangeande de bysûndere posysje fan it Frysk yn Nederlân by de yntegraasje fan de nasjonale en regionale omroppen. It docht it Komitee deugd dat it advysrapport fan de Kommisje Hoekstra, dat goedkard waard yn april 2013, de ynternasjonale ferplichtings neamt dy't Nederlân hat neffens it Kaderferdrach ta Beskerming fan Nasjonale minderheden en it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen. It Riejaand Komitee ferwolkomet de oanbefellings fan de Kommisje Hoekstra, neffens hokker "de bysûndere posysje fan de Fryske taal ek fertaald wurde moat nei in bysûnder belied oangeande Frysktalich publyk media-oanbod". De Kommisje Hoekstra rikkemedearret ek in folweardich Frysktalich programma-oanbod oan dat deistich beskikber is op ferskate platfoarms, en in regiodekkende stjoerder foar Frysktalige programmearring. It Riejaand Komitee ferwachtet dat de autoriteiten by it hifkjen fan de nije Mediawet it nedige omtinken jaan sille oan dy konklúzjes.

Oanbefellings

80. It Riejaand Komitee docht in berop op de autoriteiten om har oanhâldend yn te setten foar it beskikber stellen fan foldwaande stipe en middels oan *Omrop Fryslân*, likegoed op sintraal as provinsjaal nivo, om foldwaande garânsjes yn stân te hâlden foar it brûken fan de Fryske taal yn de media.

¹⁹ Neffens it lannerapport is de jierlikse bydrage tusken de € 50.000 en € 100.000, neffens de fraach.

81. It Riejaand Komitee moediget de autoriteiten oan it nedige omtinken te jaan oan de oanbefellings fan de Kommisje Hoekstra en de fertsjintwurdigers fan de Fryske minderheid breed te beheljen yn it opstellen fan de nije Mediawet.

Printe media yn it Frysk

Befinings fan de earste syklus

82. It Riejaand Komitee moedige yn syn earste Advys de autoriteiten oan om troch te gean mei it stypjen fan de Fryske media, soks mei respekt foar de redaksjonele ûnôfhinklikheid fan de media.

a) Positive ûntjouwings

83. It Riejaand Komitee merkt op dat der op it stuit twa deiblêden yn it Nederlânsk ferskine dy't it Frysk brûke foar inkele artikels, neist in wyklikse Frysktalige column oer regionale ûnderwerpen dy't yn Fryslân spylje. Yn dy deiblêden wurde Fryskpraters ek altyd yn it Frysk oanhelle. Boppedat hat de provinsje Fryslân wat subsydzje takend foar publikaasje fan Frysktalige tydskriften.

b) Iepensteande problemen

84. It Riejaand Komitee is derfan op de hichte brocht dat mar 5% fan de artikels yn de Fryske deiblêden yn it Frysk skreaun is en dat dy benammen te finen binne op kultuersiden en yn kultuerbylagen. Neffens Fryske gesprekspartners is it brûken fan it Frysk sterker op radio en televyzje as yn printe media²⁰ as gefolch fan de beheinde kennis fan de skriftlike foarm fan de taal by in soad memmetaalpraters en dyjingen dy't it as twadde taal leard hawwe.

Oanbefelling

85. It Riejaand Komitee noaget de autoriteiten út om de beskikbere stipe foar printe media foar de Fryske minderheid te hanthavenjen, om in tarikkende oanwêzichheid fan dy nasjonale minderheidstaal yn de printe media te garandearjen.

Kêst 10 fan it Kaderferdrach

Brûken fan de Fryske taal yn it kontakt mei bestjoersorganen

Befinings fan de earste syklus

86. It Riejaand Komitee stelde yn syn earste Advys fêst dat de Nederlânske wet it mooglik makket de Fryske taal te brûken yn kontakten mei bestjoersorganen en yn it rjochtsferkear yn de provinsje Fryslân en dat de provinsjale autoriteiten in positive en kreative rol spilen by it stimulearjen fan persoanen om de Fryske taal te brûken yn it bestjoerlik ferkear en it rjochtsferkear. It Komitee wie fan oardiel dat in tanommen gebrûk fan it Frysk befoardere wurde soe troch in pro-aktive hâlding fan de nasjonale autoriteiten en moedige har oan de nedige maatregels te nimmen om it brûken fan it Frysk yn it kontakt mei fertsjintwurdigers fan sintrale bestjoersorganen yn de provinsje Fryslân mooglik te meitsjen.

²⁰ Neffens Fryske gesprekspartners binne de persintaazjes fan de mjitte fan behearsking fan de Fryske taal troch persoanen dy't hearre ta de Fryske minderheid yn de provinsje Fryslân as folget: 94% begripe, 74% prate, 65% lêze en 26% skriuwe.

Hjoeddeistige situaasje

a) Positive ûntjouwings

87. It docht it Riejaand Komitee deugd dat der yn Nederlân sûnt de earste monitoaring-sykclus substansjele wetjaande ûntwikkelings plakfûn hawwe oangeande it brûken fan minderheidstalen by bestjoersorganen en iepenbiere tsjinstferliening. Yn it bysûnder is de nije wet op it brûken fan de Fryske taal (de Taalwet),²¹ dy't it Frysk ta de twadde nasjonale taal fan Nederlân ferklearret, in spesjale foarm fan erkenning fan dizze minderheidstaal en dy wet biedt de juridyske grûnslach foar de Bestjoersôfspraak tusken sintrale en provinsjale oerheden. Tsjin dy eftergrûn merkt it Riejaand Komitee op dat yn Nederlân, neist it Frysk, ek it Nedersaksk, Limboarchsk, Jiddysk en Romani falle ûnder it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen.

88. It Riejaand Komitee merkt op dat de nije Taalwet nei ferwachting in wichtige ympuls jout oan it brûken fan it Frysk troch sintrale oerheidsorganen, mei't de mooglikheden fergutte wurde om it Frysk te brûken yn rjocht- en bestjoerssaken. De wet garandearret it rjocht fan elkenien yn de provinsje Fryslân om yn de rjochtseal gebrûk te meitsjen fan syn of har eigen taal, itsij Nederlânsk of Frysk, (ek wannear't de saak behannele wurdt yn in rjochtseal bûten Fryslân) en yn it kontakt mei bestjoersorganen. Op grûn fan de nije wet wurdt in Advysorgaan foar de Fryske taal yn it libben roppen (sjoch Kêst 15 hjirnei). Dat nije advysorgaan krijt de taak om de minister fan Binnenlânske Saken en Keninkryksrelaasjes te advisearjen oer alle saken dy't mei it Frysk ferbân hâlde en rapportearret oan alle bestjoerlike en gerjochtlike autoriteiten en de Ynspeksje fan it ûnderwiis. It Riejaand Komitee is derfan op de hichte brocht dat op 22 april 2013 foar de perioade 2013-2018 in nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer oangien waard tusken de nasjonale autoriteiten en de autoriteiten fan de provinsje Fryslân. Dy oerienkomst sketst middellange termyn-doelstellings foar it befoarderjen fan de Frysk taal.

89. Fertsjintwurdigers fan de provinsje Fryslân hawwe by de besite fan it Riejaand Komitee oanjûn dat it grutste part fan har administrative dokuminten no produsearre wurdt yn it Nederlânsk en it Frysk, en dat it Frysk geregeld brûkt wurdt by kontakten mei sintrale autoriteiten.²² Alle provinsjale amtners beskikke oer Fryske taalfeardichheid.

b) Iepensteande problemen

90. It muoit fertsjintwurdigers fan de Fryske minderheid dat it tapassingsberik fan de nije Taalwet noch altyd beheind is ta bestjoers- en rjochtsstelsels en se beklamje dat it brûken fan minderheidstalen útwreide wurde moat nei oare gebieten, lykas sosjale soarchfoarsjennings.²³ Fierder jouwe se oan dat se har slim soargen meitsje oer de posysje fan de Fryske taal yn rjochtbanken en gerjochtshôven as gefolch fan it gebrek oan Fryskpratende tolken²⁴ en de gearfoeging fan in tal justisjele ynstellings dy't laat hat ta it opheffen fan in tal rjochtbanken yn Fryslân. De fúzje fan inkele Fryske gemeenten hat ek in negatyf effekt op it brûken fan it Frysk, omdat it persintaazje memmetaalpraters fan de Fryske taal foar alle gemeenten weromrûn is. Itselde probleem kin him foardwaan by de takomstige werstrukturearring fan it

²¹Dy wet waard op 4 juny 2013 goedkard troch it Nederlânske parlemint (Twadde Keamer).

²² By de ynhuldigingsseremoanje fan kening Willem-Alexander fan Nederlân op 30 april 2013 ûnthjite ien fan de leden fan it nasjonale parlemint trou oan de kening yn it Frysk mei de wurden: "Dat ûnthjit ik" yn stee fan it Nederlânske "Dat beloof ik". Dat rjocht om de Fryske taal te brûken by offisjele plechtichheden is sûnt 1956 wetlik ferankere.

²³ It taalbelied oangeande Frysk yn de sûnenssoarch wurdt mei súkses yntrodusearre yn ferspleech- en fersoargingshuzen, mar net yn sikehuzen en by soarchfersekerings.

²⁴ By de besite waard it Riejaand Komitee der troch fertsjintwurdigers fan de Fryske minderheid fan op de hichte brocht dat der yn de provinsje Fryslân mar ien gerjochtstolk Frysk is.

plysjebestjoer. Yn it algemien binne Fryske gesprekspartners fan oardiel dat mear oersettings nei it Frysk nedich binne en it muoit har dat sels fan de offisjele webside fan de gemeente Ljouwert gjin Fryske fersy is.

Oanbefellings

91. It Riejaand Komitee moediget de autoriteiten oan om yn nau oerlis mei de fertsjintwurdigers fan de Fryske minderheid troch te gean mei ynspannings om it brûken fan de Fryske taal te boargjen, likegoed binnen de provinsje, en dan yn it bysûnder by plysje en justysje, as by de kontakten mei de sintrale oerheid, wêrby't eventuele maatregels lykas bestjoerlike weryndielings dy't it brûken fan de taal beheine kinne, mijd wurde.

92. It Komitee noeget de autoriteiten ek út om passende maatregels te nimmen om persoanen dy't ta de Fryske minderheid hearre, ta te stean har taal yn de rjochtbank te praten, benammen mei help fan in tolk Frysk.

Kêst 11 fan it Kaderferdrach

Topografyske oantsjuttings yn minderheidstalen

Befinings fan de earste syklus

93. It Riejaand Komitee stelde yn syn earste Advys fêst dat gemeenten in beoardielingsmarzje krigen oangeande plaknammebuorden yn it Frysk en fersocht de autoriteiten om de gemeenten oan te moedigjen fan dy mooglikheid gebrûk te meitsjen mei it each op it fersterkjen fan de posysje fan dy taal yn de provinsje Fryslân.

Hjoeddeistige situaasje

a) Positive ûntjouwings

94. By de besite waard it Riejaand Komitee derfan op de hichte brocht dat op in tal gebouwen yn de stêd Ljouwert nije twatalige oantsjuttings oanbrocht binne.

b) Iepensteande problemen

95. Neffens fertsjintwurdigers fan de Fryske minderheid is der net in fêste regel foar it yntrodusearjen fan twatalige plaknammen of oare topografyske oantsjuttings yn minderheidstalen yn de provinsje Fryslân. As gefolch dêrfan is der sûnt de foarige monitoaring-syklus foarútgong boekt mei it sichtber meitsjen fan it Frysk yn it publike domein. It Riejaand Komitee nimt nota fan de ferklearrings fan de autoriteiten neffens hokker sy gjin foech hawwe op dat mêd, omdat de gemeenten in grutte beoardielingsmarzje hawwe oangeande it taalgebrûk foar plakken dy't yn har rjochtsgebiet lizze.

Oanbefelling

96. It Riejaand Komitee docht in berop op de autoriteiten om der yn nau oerlis mei Fryske organisaasjes mear op oan te trúnjen dat de lokale autoriteiten oeral yn de provinsje Fryslân gebrûk meitsje fan de besteande mooglikheid ta twatalige topografyske oantsjuttings.

Kêst 12 fan it Kaderferdrach

Oplieding fan learkrêften

Befinings fan de earste syklus

97. It Riejaand Komitee stelde yn syn earste Advys fêst dat foar foarsjennings soarge wie foar de oplieding fan dosinten Frysk, mar dat dêr net genôch gebrûk fan makke waard. It

Komitee frege de autoriteiten om nei te tinken oer mear prikkels foar dosinten yn it primêr en sekundêr ûnderwiis en om begelieders yn de foarskoalske opfang op te lieden yn it brûken fan it Frysk.

a) Positive ûntjouwings

98. It Riejaand Komitee merkt op dat de oplieding foar dosinten yn it primêr ûnderwiis no it ûnderwiis yn de Fryske taal yn it learplan opnommen hat en dat der in ôfsûnderlik programma bestiet foar middelbere skoallen. Troch de hegeskoallen yn Ljouwert binne nije programma's ûntwikkele dy't rjochte binne op ferbettering fan de Fryske taalfeardichheid fan leararen (op primêr nivo folgje jierliks sirka 50 dosinten eksterne kursussen) en it opsetten fan in formeel foech foar it jaan fan Fryske les (yn 2014 binne der 51 nije dosinten dy't kwalifisearre binne om les te jaan op trijetalige skoallen). It Riejaand Komitee merkt ek op dat de provinsjale autoriteiten in oanfoljende subsydje fan € 100.000 beskikber steld hawwe oan it Frysk fuortset ûnderwiis foar de oplieding fan leararen Frysk. Fierder merkt it Komitee op dat it ûnderwiis yn it Frysk no regele is yn de Wet op de Foarskoalske Edukaasje út 2010.

b) Iepensteande problemen

99. Neffens de Fryske minderheid beskikt 25% fan de leararen dy't Fryske les jouwe net oer it formele foech dêrfoar en binne se net ynteressearre yn it folgjen fan de besteande kursussen, omdat se Frysk beskôgje as mar in hiel lyts part fan al har ferantwurdlikheden. It Riejaand Komitee stelt fêst dat de Fryske minderheid al jierrenlang noed hat oer it gebrek oan foldwaande oplate leararen en ûnderstreket dat dy situaasje in strategyske oanpak freget om bestindichheid fan it ûnderwiis yn de Fryske taal te garandearjen.

Oanbefelling

100. It Riejaand Komitee moediget de autoriteiten oan om yn nau oerlis mei fertsjintwurdigers fan de Fryske minderheid te soargjen foar steviger maatregels om it tekoart oan befoege leararen oan te pakken, ûnder mear troch passende prikkels te bieden.

Kêst 14 fan it Kaderferdrach

Frysk yn it ûnderwiis

Befinings fan de earste syklus

101. It Riejaand Komitee stelde yn syn earste Advys fêst dat, by gebrek oan spesifike bepalings, de definysje fan wat in adekwaat tal lessen yn it Frysk foarmet, ûnderwerp wie fan ûnienichheid tusken de autoriteiten en fertsjintwurdigers fan de Fryske minderheid. It Komitee moedige de autoriteiten oan om it nedige omtinken te jaan oan de easken fan de Fryske minderheid om in adekwaat tal lessen yn it Frysk te bieden en fersiket de oerheid om troch te gean mei de stipe oan it trijetalich ûnderwiis.

Hjoeddeistige situaasje

a) Positive ûntjouwings

102. It Riejaand Komitee ferwolkomet de ynspannings fan de autoriteiten om persoanen dy't ta de Fryske minderheid hearre mear mooglikheden te bieden om de Fryske taal te learen, likegoed yn it primêr en sekundêr ûnderwiis as yn it foarskoalske ûnderwiis yn Fryslân. It Komitee merkt op dat yn 2012 Frysk in fak is op 409 (fan de 492) basisskoallen en dat 50 dêrfan trijetalige skoallen binne (Frysk, Nederlânsk en Ingelsk). Op 55 (fan de 66) skoallen foar sekundêr ûnderwiis is Frysk in fak en trije dêrfan binne meartalige skoallen. Boppedat gie it tal Frysktalige en twatalige (Frysk en Nederlânsk) foarskoalske ynstellings omheech nei

110 (fan de 350). It Riejaand Komitee is ek bliid mei de foarútgong dy't makke is by trijetalich ûnderwiis en it oanwinnend tal learlingen op trijetalige primêre en sekundêre skoallen. It Riejaand Komitee ferwolkomet de fuortsetting fan de finansiering troch de steat fan it ûnderwiissysteem yn de provinsje Fryslân.

103. It Riejaand Komitee merkt op dat ynterkulturele rjochten en minskerjochten, ynklusyf Fryske taal en kultuer, opnommen binne yn de algemiene learplannen. It Komitee ferwolkomet de yntroduksje op de Ryksuniversiteit Grins fan in nije bachelorstúdzje "Minderheden en Meartaligens", in kombinaasje fan de politike en histoaryske aspekten fan minderheidssaken en de taalpolitike útdagings oan Europeeske mienskippen. It Komitee merkt op dat de provinsje Fryslân mei syn tige ynstitúsjonalisearre foarm fan meartaligens beskôge wurdt as rolmodel foar fierder ûndersyk nei hoe't soks goed yn praktyk brocht wurde kin.

b) Iepensteande problemen

104. Nettsjinsteande dy positive ûntjouwings binne fertsjintwurdigers fan de Fryske minderheid fan miening dat der wat it ûnderwiis yn it Frysk oanbelanget noch altyd sprake is fan in kontinuïteitsprobleem by de oergong fan foarskoalsk ûnderwiis nei primêr en sekundêr ûnderwiis. Ek kleie se deroer dat it tal lessoeren Frysk as ferplicht fak (sirka ien oere wyks) noch te min is, mar se jouwe oan dat it dreech is om dat te wizigjen sûnder it learplan te feroarjen. It grutste part fan de âlden wol dat har bern neist Nederlânsk en Frysk ek Ingelsk leare. Fanwege de druk op de rest fan it lesprogramma wolle de measten fan har net mear oeren foar Frysk. De Fryske minderheid wiist der ek op dat mar 10% fan de learlingen trijetalich ûnderwiis folget en dat de fraach nei dy foarm fan ûnderwiis grutter is as it aanbod, omdat it meast giet om lytse skoallen yn plattelânsgebieten. De kontinuïteit fan it ûnderwiis yn de Fryske taal, benammen op trijetalige skoallen, wurdt ek bedrige as gefolch fan in resint advys fan de nasjonale Ûnderwiisried om mei yngong fan 2019 it minimum tal learlingen fan basisskoallen te ferheegjen fan 23 nei 100. It Riejaand Komitee is fan oardiel dat it konsept fan trijetalich ûnderwiis goede resultaten sjen litten hat en fierder ûntwikkele wurde kin. It Komitee dielt de miening fan de fertsjintwurdigers fan de Fryske minderheid oangeande it foardiel fan meartalich ûnderwiis as net allinne in effektive metoade om in taal te learen mar ek in effisjint ynstrumint om ynterkultureel begryp te stimulearjen.

105. It Riejaand Komitee merkt ek op dat it gebrek oan beoardielingsynstruminten foar it behearskjen fan de Fryske taal, it foar de Ûnderwiisynspeksje dreech makket om te beoardieljen oft studinten de Fryske taal behearskje op in nivo dat strykt mei de stelde doelen.²⁵ As ûnderstreking fan it belang fan de beoardieling fan it ûnderwiis yn en fan it Frysk foar it hanthavenjen fan in hege kwaliteit fan ûnderwiis yn in minderheidstaal, is it Komitee fan oardiel dat oanfoljende middels nedich binne om dy inisjativen út te wreidzjen nei alle oanbelangjende skoallen yn de provinsje Fryslân.

Oanbefellings

106. It Riejaand Komitee moediget de autoriteiten oan om har ynspannings foar in hege kwaliteit fan ûnderwiis yn it Frysk op alle nivo's fuort te setten, ûnder mear troch it ûntwikkeljen fan passende beoardielingsynstruminten, en om it nedige omtinken te jaan oan de takomstige ûntwikkeling fan it trijetalich ûnderwiissysteem en dêrby rekken te hâlden mei de mooglike bestjoerlike herfoarmings op dat mêd.

²⁵ Sûnt 2010 wurde op in tal legere en middelbere skoallen ferskate tests op it mêd fan wurdkennis, stavering en lêzen brûkt.

107. It Riejaand Komitee noeget de autoriteiten út om yntinsyf oerlis te hawwen mei fertsjintwurdigers fan de Fryske minderheid, ynklusyf âlden, en te soargjen dat op effektive wize rekken holden wurdt mei har belangen en soargen oangeande Frysk yn it ûnderwiis, lykas in adekwaat tal lessoeren yn it Frysk.

Kêst 15 fan it Kaderferdrach

Ynstellings en oerlisstruktueren

Befinings fan de earste syklus

108. It Riejaand Komitee freget de autoriteiten yn syn earste Advys passende betingsten te skeppen om advysorganen oangeande Fryske saken by steat te stellen út krêft fan it Kaderferdrach by te dragen oan it lannerapport.

Hjoeddeistige situaasje

a) Positive ûntjouwings

109. It Riejaand Komitee merkt de aktive rol op fan advysorganen dy't ynsteld binne om nasjonale en provinsjale autoriteiten te advisearjen oer ûnderwerpen dy't fan belang binne foar de Friezen en ek de oanhâldend goede gearwurking tusken de autoriteiten en dy organen.

b) Iepensteande problemen

110. It muoit it Riejaand Komitee tige dat de fertsjintwurdigers fan nasjonale minderheden, yn it bysûnder it Konsultyf Orgaan Frysk (KOF) en de kommisje fan Provinsjale Steaten foar Fryske taalpolityk net behelle wiene yn it opstellen fan it lannerapport. De autoriteiten befêstigen dat it twadde lannerapport opsteld waard sûnder de direkte belutsenheid fan de Fryske mienskippen, hoewol't der frekwint oerlis wie mei ferskate belanghawwenden, en sy sprutsen har reewilligens út om by de tredde monitoaring-syklus alle partijen, ynklusyf de Fryske minderheid, wiidweidich te rieplachtsjen.

111. It Riejaand Komitee merkt op dat, yn oerienstimming mei de nije Taalwet, it KOF ferfongen wurdt troch in nij Orgaan foar de Fryske Taal mei grutte ferantwurdlikheden (sjoch Kêst 10 hjirboppe). It Riejaand Komitee wiist nochris op it belang om persoanen dy't ta nasjonale minderheden hearre op effektive wize te beheljen by besluten dy't har oangean en ferwachtet fangefolgen dat de autoriteiten dat nije orgaan de nedige middels ferskaft om syn missy út te fieren.

Oanbefelling

112. It Riejaand Komitee docht in berop op de autoriteiten om te soargjen foar steviger maatregels foar efektyf oerlis mei fertsjintwurdigers fan de Fryske minderheid, ynklusyf it opstellen fan it tredde lannerapport. Boppedat moat foldwaande omtinken jûn wurde oan it fersterkjen fan de besteande meganismen en moat garandearre wurde dat it op te rjochtsjen nije Orgaan foar de Fryske Taal syn missy op effektive wize ferfolje kin.

Bestjoerlike weryndieling

Befinings fan de earste syklus

113. It Riejaand Komitee stelde yn syn earste Advys fêst dat in stjoergroep, besteande út fertsjintwurdigers fan likegoed de nasjonale as de provinsjale oerheid, de oanset jûn hat ta in mooglike desintralisearring fan foegen fan de nasjonale oerheid nei de lokale autoriteiten op it mêd fan Fryske taal en kultuer. It Komitee wie fan oardiel dat it resultaat fan dy wurksumheden in fierdere bydrage leverje moat oan it behâld en de ûntjouwing fan de Fryske

taal en kultuer en dat de respektivelike foegen op nasjonaal en lokaal nivo dúdlik yn wetjouwing fêstelein wurde moatte.

Hjoeddeistige situaasje

a) Positive ûntjouwing

114. It Riejaand Komitee merkt op dat de plannen foar in mooglike fúzje fan de noardlike provinsjes, lykas ek de reorganisaasje fan de noardlike gemeenten, noch net útwurke binne en in wichtige kwestje foar de takomst bliuwe. Dêrby befêstigje de autoriteiten dat sa'n proses plakfine moat op grûn fan gearwurking, konsensus en stipe. It sil net fan boppen ôf oplein wurde troch it regear en it hâldt rekken mei Europeeske ferdrachsferplichtings en it feit dat de posysje fan de Friezen en de Fryske taal der net op efterút gean mei.

b) Iepensteande problemen

115. It Riejaand Komitee stelt fêst dat it weryndielingsproses by fertsjintwurdigers fan de Fryske minderheid earnstige beswieren oproppen hat. Sy binne benaud dat it de posysje fan de Fryske taal, kultuer en identiteit ferswakje kin as de provinsje Fryslân as bestjoerlike ienheid ferdwine soe.

116. Neffens de autoriteiten hawwe it ministearje fan Binnenlânske Saken en Keninkryksrelaasjes en de provinsje Fryslân op it stuit oerlis mei de gemeenten dy't by weryndieling belutsen binne oer in oerienkomst dêr't it taalbelied fan de nij foarme gemeenten yn fêstelein wurdt, om te berikken dat de ferwachte problemen foar de Fryske taal him net foardwaan sille. De autoriteiten ûnderstreekje dat de ûnderfining útwiisd hat dat de meast effektive oanpak bestiet út it fêstlizzen fan alle útstellen yn oerienkomsten en it taalbelied op grûn dêrfan fêst te stellen. Alle twa moannen is der oerlis tusken it ministearje fan Binnenlânske Saken en Keninkryksrelaasjes, de provinsje Fryslân en de by weryndieling belutsen gemeenten. Fertsjintwurdigers fan Súdwest-Fryslân (dêr't de gearfoeging al plakfûn hat) wurde, om har ûnderfinings te dielen, útnoege by de ûnderhannelings mei de gemeenten dy't no by weryndieling belutsen binne.

117. It Riejaand Komitee wol graach nochris wize op it belang fan it geregeld en effektyf rieplachtsjen fan fertsjintwurdigers fan minderheidsgroepearings om te garandearjen dat al har soarchpunten yn foar har relevante kwestjes begrepen wurde en yn acht nommen wurde. Sok wiidweidich rieplachtsjen is benammen krúsjaal yn de kontekst fan in grutskalige bestjoerlike weryndieling sa't de oerheid dy yn de heine takomst op it each hat.

Oanbefelling

118. It Riejaand Komitee docht in berop op de autoriteiten om har ynspannings te fergrutsjen by it fasilitearjen fan in effisjinte en yntiidske partisipaasje fan fertsjintwurdigers fan minderheden by alle beslútfoarming oangeande bestjoerlike weryndielingen yn de provinsje Fryslân.

Kêst 16 fan it Kaderferdrach

Territoriale yndielings

Befinings fan de earste syklus

119. It Riejaand Komitee stelde yn it foarige Advys fêst dat, parallel oan it plan om it foech fan de provinsje Fryslân op in tal mêden út te wreidzjen, gemeentlike weryndieling ûnderwerp fan petear wie. It Komitee ferwachte dat der passend oerlis mei de oanbelangjende persoanen wêze soe.

Hjoeddeistige situaasje

Iepensteande problemen

120. It Riejaand Komitee merkt op dat fertsjintwurdigers fan de Fryske minderheid benaud binne dat in mooglike gearfoeging fan gemeenten resultearje kin yn de sluting fan in tal lytse skoallen dêr't de Fryske taal brûkt wurdt, wat negative effekten hawwe kin foar it brûken fan de Fryske taal yn alle aspekten fan it maatskiplik en deistich libben. It Komitee is ek fan oardiel dat troch dy maatregels yn guon gebieten it persintaazje fan de befolking dat ta de Fryske minderheid heart feroarje kin en dat dêrtroch yn de noardlike gemeenten har rjochten en frijheden beheind wurde kinne.

Oanbefelling

121. It Riejaand Komitee docht in berop op de autoriteiten om, yn nau oerlis mei de oanbelangjenden, maatregels te nimmen om te garandearjen dat de mooglike takomstige weryndieling fan gemeenten en provinsjes yn it Noarden gjin neidielige gefolgen hat foar de situaasje fan persoanen dy't ta de Fryske minderheid hearre.

Kêst 17 en 18 fan it Kaderferdrach

Gearwurking oer de grins

Befinings fan de earste syklus

122. It Riejaand Komitee noege yn syn earste Advys de autoriteiten út saken oangeande gearwurking te besprekken mei organisaasjes fan Friezen yn Nederlân en dy fan Friezen yn Dútslân en Denemarken.

Hjoeddeistige situaasje

123. It Riejaand Komitee bemurk by de besite de oanhâldend positive gearwurking tusken organisaasjes fan Friezen yn Nederlân en dy fan Friezen yn Dútslân en Denemarken. It Komitee waard ek op de hichte steld fan it bestean fan ynstitúsionele gearwurking op bestjoerlik nivo tusken de oanbelangjende lannen om de befoardering fan de Fryske kultuer te fersterkjen. Ek binne nauwe kontakten ta stân kommen tusken organisaasjes fan Friezen fia de Ynterfryske Rie, dy't regelmjittich ferskate aktiviteiten organisearret, lykas ynternasjonale kongressen oer ûnderwerpen dy't fan mienskiplik belang binne foar de Fryske minderheden yn de trije oanbelangjende steaten. Lokale autoriteiten geane troch mei it ûntwikkeljen fan nijsgjirrige inisjativen foar gearwurking oer de grins by minderheidskwestjes oangeande ûnderwiis en op oare mêden.

Oanbefelling

124. It Riejaand Komitee moediget de autoriteiten oan om troch te gean mei de gearwurking mei en de stipe oan de organisaasjes dy't de Friezen fertsjintwurdigje dy't yn oare lannen wenje.

III. SLOTOPMERKINGS

125. It Riejaand Komitee is fan oardiel dat de foarlizzende slotopmerkings tsjinje kinne as basis foar de konklúzjes en oanbefellings dy't oangeande Nederlân troch it Komitee fan Ministers goedkard wurde moatte.

Positive ûntjouwings

126. Nederlân hat oer it algemien in konstruktive oanpak fan it monitoaring-proses oangeande it Kaderferdrach sjen litten, mar is lykwols net opskood nei in fleksibeler ynterpretaasje fan it tapassingsberik.

127. It wetlik en ynstitúsjoneel kader foar de bestriding fan diskriminaasje yn Nederlân is nei de earste monitoaring-syklus fersterke. De oprjochting fan it Nederlânsk Ynstitút foar de Minskerjochten, de aktive rol fan de Ombudsman, de ûntwikkeling fan in lokaal systeem foar monitoaring en melding fan diskriminaasje yn alle gemeenten, lykas ek nije maatregels dy't rjochte binne op de oanpak fan it probleem fan yntolerânsje op ynternet, wjerspegelje de wil fan de Nederlânske autoriteiten om alle foarmen fan diskriminaasje mei klam te bestriden.

128. Nederlân hat in lange tradysje fan tolerânsje en iepenheid foar de kultuer fan oaren oer. Ferskate programma's dy't rjochte binne op in better begryp fan de negative gefolgen fan diskriminaasje foar persoanen dy't ta ûnderskate minderheidsgroepen hearre, en kampanjes dy't it belang fan ferskaat en tolerânsje beklamje, binne útfierd.

129. De konsesjoperioade fan *Omrop Fryslân* wurdt mei fiif jier ferlinge en de jierlikse bydrage oan de ûntwikkeling fan Frysktalige programma's bliuwt beholden.

130. De nije Taalwet erkent it Frysk as twadde nasjonale taal fan Nederlân. Dy nije wet sil in wichtige ympuls jaan oan it brûken fan it Frysk yn rjocht- en bestjoerssaken yn hiel Fryslân en garandearret it rjocht fan elkenien om de eigen taal (Nederlânsk of Frysk) te brûken yn de kommunikaasje mei bestjoersorganen.

131. Der binne substansjele ynspannings ferrjochte om persoanen dy't ta de Fryske minderheid hearre mear mooglikheden te bieden om de Fryske taal te learen op alle ûnderwiisnivo's. Ynterkulturele eleminten, ynklusyf de Fryske taal en kultuer, meitsje mear diel út fan de algemiene ûnderwiislearplannen.

Punten fan soarch

132. Der wurde mar in pear gefallen fan diskriminaasje ûnder de oandacht fan de antydiskriminaasje-organen brocht troch persoanen dy't ta minderheidsgroepen hearre. Neffens guon gesprekspartners liket it as binne dy persoanen skruten om in klacht yn te tsjinjen fanwege har gebrek oan bekendheid mei en fertrouwen yn offisjele ynstânsjes.

133. Noch altyd wurde uteringen fan rasisme en yntolerânsje meld troch persoanen dy't hearre ta ûnderskate minderheidsgroepen. Neffens guon gesprekspartners is de frekwinsje fan uteringen fan fijannichheid nei ymmigranten yn it politike debat yn de ôfrûne jierren tanommen, benammen as gefolch fan it antymoslim- en anty-ymmigraasjedebat troch guon politisy. De mearderheid en de minderheden lykje faak foar it grutste part yn in parallel bestean neist elkoar te libjen, mar sûnder ynteraksje fan belang.

134. Hoewol't op lokaal nivo streekrjochte kontakten mei Roma-organisaasjes bestean, is der noch altyd gjin strukturearre oerlismeganisme om mei de Roma- en Sinti-mienskippen har soarchpunten en belangen te bepraten, nettsjinsteande werhelle fersiken yn dy rjochting.

135. De resintralisaasje fan de foegen foar regionale televyzje fan de provinsjes nei de nasjonale autoriteiten sil liede kinne ta in oerdracht fan finansjele ferantwurdlikheid foar de Fryske regionale omrop nei de sintrale autoriteiten. Neffens fertsjintwurdigers fan Fryske organisaasjes kin dy oerdracht fan foegen liede ta in fermindering fan de stjoertiid yn it Frysk en ta in ferleging fan de beskikbere finansiering.

136. It tal oeren Fryske les as ferplicht fak is noch altyd tige leech en it gebrek oan foldwaande oplate leararen yn de Fryske taal bliuwt nuodlik foar de Fryske minderheid.

137. Alhoewol't de plannen foar in mooglike fúzje fan de noardlike provinsjes en de reorganisaasje fan de noardlike gemeenten noch net útwurke binne, hawwe de fertsjintwurdigers fan de Fryske minderheid beswieren tsjin dy mooglike bestjoerlike weryndieling. Sy binne benaud dat dy de posysje fan de Fryske taal, kultuer en identiteit ferswakje sil as de provinsje Fryslân as bestjoerlike ienheid ferdwine soe.

Oanbefellings

138. Yn oanfolling op de maatregels dy't nommen wurde moatte om de detaillearre oanbefellings, opnommen yn Seksjes I en II fan it Advys fan it Riejaand Komitee, te ymplementearjen, wurde de autoriteiten útnoege om te soargjen foar de folgjende maatregels om de ymplementaasje fan it Kaderferdrach fierder te ferbetterjen.

- Foarsjen yn in bettere tagong ta en bewuster meitsjen fan it publyk, likegoed binnen alle groepearings as ûnder de befolking as gehiel, fan de beskikbere wetlike oplossings en antydiskriminaasje-ynstellings; trochgean mei it stypjen fan sokke antydiskriminaasje-organen. Boppedat binne op it doel rjochte ynspannings nedich om it algemiene begryp fan minskerjochten te ferbetterjen, benammen troch edukaasje yn minskerjochten.
- Soargje foar steviger maatregels om in geast fan ferdraachsumheid en ynterkulturele dialooch yn de maatskippij te stimulearjen en stigmatisearring fan hokker groep dan ek foar te kommen; it eigen yntegraasjebelied ûnder de loep hâlde om sa ûnder alle minsken dy't yn it lân wenje de ynterkulturele dialooch en it wjersidich begryp te fersterkjen; de partisipaasjemeganismen stypje dy't de dialooch mei fertsjintwurdigers fan etnyske minderheidsgroepen makliker meitsje.
- Alle uteringen fan yntolerânsje krêftich feroardielje en straffe, yn it bysûnder dy yn it politike debat en op ynternet, mei respekt foar de frijheid fan mieningsutering.
- Op lanlik en lokaal nivo de dialooch ferbetterje mei fertsjintwurdigers fan de Roma- en Sinti-mienskippen. Gelikense tagong ta ûnderwiis garandearje foar persoanen dy't ta de Roma- en Sinti-mienskippen hearre.
- Trochgean mei it leverjen fan ynspannings om foldwaande stipe en middels beskikber te stellen oan *Omrop Fryslân*, likegoed op sintraal as provinsjaal nivo, om foldwaande garânsjes yn stân te hâlden foar it brûken fan de Fryske taal yn de media.
- Yn nau oerlis mei de fertsjintwurdigers fan de Fryske minderheid trochgean mei ynspannings om de kultuer en it brûken fan de Fryske taal te boargjen, likegoed binnen de provinsje, en dan yn it bysûnder by plysje en justysje, as yn de kontakten mei de sintrale oerheid, wêrby't eventuele maatregels dy't it brûken fan de taal beheine kinne (wêrûnder bestjoerlike weryndielings), mijd wurde moatte.
- Soargje foar steviger maatregels om it tekoart oan befoege learkrêften oan te pakken, yn nau oerlis mei fertsjintwurdigers fan de Fryske minderheid.
- Ynspannings fergrutsje by it fasilitearjen fan in effisjinte en yntiidske partisipaasje fan persoanen dy't hearre ta de Fryske minderheid, by alle beslútfoarming, ynklusyf by bestjoerlike weryndielings yn de provinsje Fryslân.